

# Filmyske aventoeren fan stoere ridders

De ferhalen om Kening Artur en syn ridders hinne binne iuwenâld en sprekke al krekt sa lang ta de ferbylding fan lêzers yn ferskate lannen. Mei *Ridders fan de rûne tafel* ûntslút master-oersetter Klaas Bruinsma wer in nij diel fan de rige ridderromans yn it Frysk.

**D**e Rûne Tafel is ien fan de bekendste eleminten út de Artur-leginden. Hjiir moetsje de ridders fan Kening Artur inoar foar't se útein sette mei harren aventoeren, en hjiir komme se oan 'e ein wer werom om ferslach te dwaan. *Ridders fan de rûne tafel* giet benammen oer de lotgefallen fan Walewein, ôfwiksele mei de ûnderfiningen fan sa'n acht oare ridders.

Sokke midsiuske ridderromans binne bedoeld om de moed, slûchslimmens en hoflikheid te besjongen fan de ridders dy't op aventoer geane om wûnderlike objekten te garjen, mei-inoar te duellearjen, of jonkfrouten yn need te helpen.

Froulju steane yn heech oansjen, lykas de eed oan de lienhear en de ridderlike eare. In moai foarbyld hjirfan is de konfrontaasje tusken Walewein en Giromelant. Giromelant is fereale op Waleweins suster Klariane, mar hy hatet Walewein omdat dy syn heit deade hat. It duel dat folget giet om de wraak fan Giromelant en de eare fan Walewein en syn suster. Dêrby wurdt Klarianes ynderlike striid tusken Rede en Leafde yngeand beskreaun; wa moat no winne, har broer of har frijer? It gefjocht wurdt besjochte troch in stikeme troupartij, mar Walewein hat it smoar yn oer de skande dy't him dêrmei oandien wurdt.

## Drûchkomysk

Neist dizze serieuze oangelegenheden is der ek rom plak foar drûchko-

myske passaaazjes – benammen troch de geunstige kombinaasje fan rym, ritme, en it linige taalgebrûk fan Bruinsma:

*hear Walewein: 'Frou, hjir is jo hoars.  
Gean derop sitten, is 't jo wil,  
en riid [sic] mar hinne. En ik sil  
jo 'n hantisje helpe op jo hapke.'  
'Watset? Hear sot, is dat in grapke,  
dat jo mei hannen oan my sitte?'*

Tagelyk hâlde rym en ritme ek de gong deryn yn de byldzjend beskreaune fjochtpartijen. De driuwende kadâns fan de regels befoarderet de faasje en dynamyk fan de gefjochten:

*Hy spande 't hynder oan en flot  
ramaaid' er fjif fan harren plat.  
Hja foelen mei har hynder tel  
hiel swier ferwûn' op ierde del.*

## Spannend en flot

Hjirmei is *Ridders fan de rûne tafel* in spannend, flot en hast filmysk ferteld aventoerferhaal, mei de ferteller as voice-over dy't ynformaasje jout oer de setting, en tajiochtet hokker ridder wêr mei dwaande is as der fan sêne wiksele wurdt:

*No lit ik rêste dy twa ridders,  
en sil ik jim fertelle fjerders  
fan Persewal en fan syn maten.*

Sokke oergongen hâlde it ferhaal te behappen en de lêzer by de les, ek al is dat lêste net perfoarst noadich troch de boartlike styl en de merkbere oerset-wille fan Bruinsma. Dat de ynformaasje yn de ynlieding en de beskriuwingen yn de nammelisten wat út balâns binne is Bruinsma dêrom ferjûn.



## Roman

## Ridders fan de Rûne Tafel

Oerset troch  
Klaas Bruinsma  
.....  
Elikser  
€ 19,50  
.....